

Oanfraachformulier

Iepenloftspullen

Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân Haadstik 3, paragraaf 3.4 Iepenloftspullen

Formulier weromstjoere nei: Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân
Ôfdieling Subsydzjes
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Besikersadres: Provinsje Fryslân
Twibaksmerk 52
8911 KZ Ljouwert

Kontaktgegevens: Ôfdieling Subsydzjes
Telefoan: (058) 292 59 25
E-mail: provincie@fryslan.nl

Jo kinne it oanfraachformulier skriftlik (mei de post of ynleverje by de baly fan it provinsjehûs) yntsjinje fan 13 febrewaris 2023 ôf, mar de oanfraach moat op syn lêst op 25 april 2023 by ús wêze. Nei't jo in folsleine oanfraach yntsjinne hawwe, krije jo binnen 22 wike berjocht oft jo projekt foar subsydze yn 'e beneaming komt.

Tink om it neikommende

- It oanfraachformulier moat rjochtsjildich ûndertekene wêze troch alle bestjoerders dy't dêrta mei-inoar it foech hawwe.
- De aktiviteit dêr't subsydze foar ferliend wurde kin, moat foldwaan oan paragraaf 3.4 (Iepenloftspullen) fan de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân en oan de Algemiene subsydzjeferoarderding provinsje Fryslân 2013.
- Subsydze wurdt allinnich jûn oan stichtings en ferienings dy't al earder ien as mear Iepenloftspullen produsearre hawwe.
- It is wichtich om it oanfraachformulier hielendal yn te foljen. Doch ek de taheakken sa as neamd ûnder ûnderdiel C derby.
- Allinnich as de oanfraach goed folslein is, kinne wy jo oanfraach yn behanneling nimme. Tink der goed om dat nei slutingdatum fan de regeling de oanfraach ynhâldlik net mear oanfolle wurde mei. Alle ynformaasje dy't ta de saak docht foar de advyskommisje en de beslútfoarming moat op 'e tiid by ús wêze.

TITEL FAN IT PROJEKT

Titel fan it lepenloftspul:

Op hokker lokaasje is de útfiering:

.....

ALGEMIENE YNFORMAASJE

A1. Gegevens oanfreger

Jo freegje subсыdzje oan út namme fan in:

- Stichting
- Feriening mei folslein rjochtsfoech
- Oars, te witten

Namme rjochtspersoan:

Postbus of strjitte en nûmer:

Postkoade:

Plak:

Telefoannûmer:

E-mailadres:

Webside:

Kontaktpersoan oanfreger

Foar- en achternamme:

Funksje by it projekt:

Telefoannûmer:

E-mailadres:

A2. Gegevens hannelsregister

Is oanfreger ynskreaun by
 de Keamer fan Keaphannel?

- Nee
- Ja (heakje in aktueel úttreksel út it Hannelsregister ta)

Ynskriuwingnûmer KfK:

A3. Bankgegevens oanfreger

Rekkennûmer (IBAN):

Op namme fan:

B1. Projektynformaasje		
1. Jo oanfraach hat te krijen mei:	(fink oan wat fan tapassing is)	
	JA	NEE
a. in iepenloftspul yn it Frysk of yn in Fryske streektaal	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>
It sil in iepenloftspul wêze yn it(hokker taal/talen)		
2. Hat jo stichting of feriening alris faker in iepenloftspul produsearre?	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>
Sa ja, wannear foar it lêst en wat wie de namme fan dat iepenloftspul?		
Foar it lêst yn it jier:		
Titel fan it lêste iepenloftspul:		
.....		
3. Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, kinne jo sjen litte dat jo foldogge oan de neikommende kritearia:	JA	NEE
a. it iepenloftspul wurdt út de lokale mienskip wei foarinoar brocht;	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>
b. coaching en begelieding fan de spilers bart troch profesjonals, dy't op grûn fan harren oplieding of wurkûnderfining oanwiisber betûft genôch binne om kwalitatyf heechsteand wurk te meitsjen;	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>
c. de produksje wurdt opfierd yn de simmermoannen (maart o/m oktober) fan 2023;	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>
d. de produksje wurdt yn de lokale mienskip opfierd;	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>
e. der wurdt yntreejild frege oan de taskôgers.	<input type="checkbox"/>	<input type="checkbox"/>

B2. Oanfoljende projektynformaasje:		
1.	<u>Data iepenloftspul</u> Dei dat de earste útfiering plend is:-..... - 2023 Dei dat de lêste útfiering plend is:-..... - 2023.	
2.	Wat binne de kosten fan jo projekt mei-inoar?	Totale kosten €eksklusyf btw
3.	Binne jo al ferplichtings oangong foar kosten ear't jo de oanfraach yntsjinne hiene?	<input type="checkbox"/> Ja, te witten foar mei-inoar € (heakje in spesifikaasje fan de kosten dêr't jo al ferplichtings foar oangong binne ta oan de oanfraach. Dy kosten binne net subsidiabel.) <input type="checkbox"/> Nee.

4.	Hokker subsydzjebedrach freegje jo oan?	€ eksklusyf btw* <i>De hichte fan it subsydzje is op syn meast 50% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 10.000,-.</i> <i>*Wy jouwe gjin subsydzje foar de btw.</i>
5.	Koarte omskriuwing fan de aktiviteiten dêr't jo subsydzje foar freegje:	<i>Jou in koarte gearfetting fan de wurksumheden dy't yn it ramt fan it projekt útfierd wurde sille. Gean dêrby yn op de kritearia út kêst 3.4.7 fan de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân. Wurkje it gehiel út yn in projektplan en heakje dat projektplan as bylage ta.</i>

C. Taheakken	
<p>In projektplan</p> <p>Wy freegje jo in wiidweidich projektplan ta te heakjen mei ûnder oaren in taljochting op:</p> <ul style="list-style-type: none"> • de ynhâld fan it lepenloftspul; • de doelgroep fan it lepenloftspul en hoe't dy doelgroep by it lepenloftspul belutsen wurdt; • it tal dielnimmers dat ferwachte wurdt en wêr't dy wei komme (út hokfoar streek). Binne it amateurs, profesjonals, begjanners ensafh.; • hoefolle publyk oft der nei alle gedachten komme sil; • de publisiteit dy't ferwachte wurdt (lokaal, regionaal, lanlik, telefyzje ensafh.) en hoe't dy publisiteit generearre wurde sil. • de betinkers/makkers fan it lepenloftspul en harren eftergrûn; • de ûnderfinings fan de betinkers mei it meitsjen fan lepenloftspullen; 	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd
<p>In begrutting mei in side kosten en in side opbringsten</p> <p>Mei in taljochting op de bedraggen dy't dêr yn stean.</p>	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd
<p>In artistike fisy</p> <p>It giet om de artistike fisy fan de regisseur / betinker fan it lepenloftspul. Wat wol de makker berikke mei it lepenloftspul? Hoe sil er dat oanpakke?</p> <p>De advyskommisje Kultuer sil it projektplan hifkje op artistike kwaliteit, as it ta te kennen bedrach fan alle foar subsydzje yn 'e beneaming kommende oanfragen mei-inoar heger is dan it bedrach dat oan subsydzje jûn wurden kin neffens it subsydzjeplafond.</p> <p>By it hifkjen op artistike kwaliteit wurdt sjoen nei oarspronklikens en sizzenskrêft, sjocht kêst 3.4.11, twadde lid fan de regeling lepenloftspullen.</p>	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd
<p>In aktueel úttreksel fan de Keamer fan Keaphannel</p> <p>Leafst fan resinte datum, it mei in kopy wêze.</p>	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd
<p>Folmacht</p> <p>Eventueel kinne jo in meiwurker of in oaren machtigje om út namme fan jo rjochtspersoan de subsydzje-oanfraach yn te tsjinjen, mar dan moat de folmacht wol rjochtsjildich ûndertekene wêze.</p>	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd <input type="checkbox"/> Net fan tapassing
<p>Kopy fan it karbrief / de statuten</p> <p>Meistjoere yn it gefal fan in mienskiplik foech.</p>	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd <input type="checkbox"/> Net fan tapassing

Ferklearring

Underskreaune ferklearret:

- dat alle ynformaasje op it oanfraachformulier en de taheakken nei wierheid ynfolle is;
- dat hy/sy him/har hâlde sil oan de betingsten en ferplichtings yn de oanbelangjende subsydzjeregelingen en de oare wetlike regelingen dy't op de útfiering fan it projekt fan tapassing binne;
- der fan op de hichte te wêzen dat de oanfreger / subsydzjeûntfanger sels ferantwurdlik is foar it krijen fan de needsaaklike fergunningen en dat skea dy't folget út it net krijen fan fergunningen foar rekken komt fan de oanfreger;
- ree te wêzen alle ynformaasje dy't winske wurdt te jaan oan funksjonarissen dy't troch de subsydzjejouwer dêrta oanwiisd binne;
- dat der gjin sprake is fan surseânse fan beteljen of fan it yn steat fan fallissemint te ferkearen.

Undertekening

***Tink derom!** As út de ynformaasje fan de Keamer fan Keaphannel bliken docht dat de bestjoerders fan in feriening/stifting net allinnich mar wol mei-inoar it foech hawwe om de feriening/stifting te fertsjintwurdigjen, moatte de bestjoerders it oanfraachformulier mei-inoar ûndertekene. As út it karbrief bygelyks bliken docht dat de foarsitter tegearre mei de ponghâlder tekenbefoegde is, mei de foarsitter tegearre mei de ponghâlder ûndertekene. Soargje der dan al foar dat der in kopy fan it karbrief meistjoerd wurdt.*

Nei wierheid ynfolle en rjochtsjildich ûndertekene

Plak:

Datum:

Namme:

Hantekening:

.....

.....

Yn it gefal fan in mienskiplik foech, hantekening fan bestjoerders

Nammen:

Hantekening:

.....

.....

.....

.....

.....

.....

.....

.....

.....

.....